



In hynder yn 'e tún!

Troch Riemkje Pitstra

It is nacht, de moanne skynt.
 Tomke leit yn syn bedsje te sliepen.
 Op 'e dyk rint in wyt hynder.
 It is Amerigo.
 It hynder fan Sinteklaas.
 Ha, wat is dit fijn, sa allinne op 'e dyk, tinkt er.
 Eefkes gjin Sinteklaas op 'e rêch.
 Eefkes gjin gefaarlike dakken om op te rinnen.
 Eefkes gjin bern dy't soms oan myn sturt lûke.
 Eefkes gjin muzyk dy't yn myn earen tetteret.
 En foaral gjin woartels en hea mear.
 Ik ha sin oan gers.
 Ha, dêr is in tún mei in gersfjild.

Tomke wurdt wakker, hy heart wat yn 'e tún.
 Hy stapt syn bedsje út en skoot it gerdyn iepen.
 Sjocht Tomke dat goed?
 Der stiet in hynder op it gers.
 In grut wyt hynder mei swarte plakken.
 It hynder fret fan it gers.
 Mar... dat is it hynder fan Sinteklaas!
 Tomke draaft nei Kornelia ta.

'Kornelia, Kornelia, wakker wurde!', ropt er.
 'It hynder fan Sinteklaas stiet yn 'e tún.'
 Romke wurdt ek wakker.
 Gau rinne se nei it rûten en loere nei bûten.
 'Ik sjoch hielendal gjin hynder', seit Kornelia.
 Tomke sjocht it no ek.
 It hynder is der net mear.
 'Silst it wol dreamd ha', seit Kornelia.
 'De sinteklaastiid is ek sa spannend foar bern.
 Kom, dan bring ik dy gau wer op bêd.'

De oare moarns moat Tomke nei skoalle.
 Hjoed ha se sinteklaasfeest.
 Kornelia hallet de fyts út it hok.
 Ynienen bliuwt se stokstiif stean.
 'Der leit wat yn 'e tún', seit se.
 'Dat wie der juster noch net.'
 Se komme tichterby.
 Op it gers leit in grutte brune heap ... keutels!
 Keutels fan in hynder.
 'Dat hat Amerigo fannacht dien!', ropt Tomke.
 'It hynder fan Sinteklaas wie dus echt yn ús tún!'